

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2018 FAN IT

Wurkferbân / Wurkgroep: Wurkgroep Maritime Skiednis.....

DOELSTELLING:

BESTJOER

Foarsitter	Rob Leemans
Skriuwer	Jelle Jan Koopmans
Leden	Hanno Brand, Jan de Vries, Siem van der Woude en Peter Tolsma
Binne der yn 2018 bestjoersleden ôftreden?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Binne der yn 2018 nije bestjoers-leden beneamd?	Ja
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	Peter Tolsma (Algemien besjoerslid)
Wienen der op 31 desimber 2018 fakatueres yn it bestjoer? Sa ja, hokker?	Nee

LEDEN Wurkferbân / Wurkgroep

Tal leden op 1 jannewaris 2018	49
Tal leden op 31 desimber 2018	48
Talittingsbetinksten	

AKTIVITEITEN

Lêzingen / gearkomsten		
Datum	1.	20-01-18
Sprekker	Jaap de Jong	
Titel fan de lêzing	Verborgen Zeeaanziichten	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	15	
<p>Gearfetting (maksimaal 15 regels)</p> <p>Jaap de Jong is berne yn Balk oan de Sleattemer Mar. Hy hat yn de fiskerij yn Harns wurke en is tsjintwurdich seekaptein foar in rederij en bringt nije wurkskippen nei plakken oeral ta wrâld. Syn boek begjint mei jeugdherinneringen oan de Sleattemer Mar. Syn âlders hiene in Lemsteraak wêr yn de wykeinen mei fearn waard. Sa is wierskynlik de Jong syn leafde foar it wetter ûntstean. It boek befettet allegear ympresjes fan de seereizen dy hy troch syn libben makke ha. Sa registrearret hy de kleuren en de helderens fan it wetter. Wat dêrby opfalt is dat de Eastsee bygelyks hieltyd griener wurdt. Ek makket hy foto's fan fûgels. Lykas de typyske seefûgel de Jan fan Gent. Oan dizze fûgel hiene luitenant Bligh en syn bemanning fan de Bounty har libben te tankjen. Boppedat stiet de Jan fan Gent der om bekend dat hy minsken it paad nei de see en de fisk wiist. De Kelten neamden dizze fûgel dan ek de wyte hjerringfûgel. Oare ympresjes gean oer de havens. Wat opfalt is dat havens hieltyd fierder nei de see ta groeie. Dit is ûnder oare it gefal yn it tige fluch groeiende Ningbo nei Sjanghai yn Sjina. Mar ek yn Rotterdam mei de Twadde Maasflakte. Foar havens is it fan belang dat de hieltyd grutter wurdende skippen der maklik oanlizze kinne. In oar ûnderwerp dat oan bod komt is it seerjocht. By it ferdrach fan Tordesillas (1494) verdielden Spanje en Portugal de wrâld yn twa dielen. Alles ta westen fan in tinkbyldige line 370 myl ta westen fan de Kaapverdyske eilannen soe Spanje ta goede komme alles ta easten Portugal. Sa koe Portugal it besit yn Afrika en it fiere Easten feilich stellen en lei Súd</p>		

<p>Amearyka iepen foar de Spanjerts. Omdat de line krekt oer Brazilië lutsen wie waard dit Portugees. Fansels kaam hjir protest tsjin fan oare lannen, lykas Nederlân en Ingelân. In wichtich persoan op it gebiet fan it seerjocht is Hugo de Groot. Hy claimde dat de see gjin besit wie en lei dêrmei in wichtige basis fan it seerjocht. Yn prinsipe is dit oant op de dei fan hjoed de basisrigel foar de ynternasjonale wetteren. De wetteren lykas bûten de kust wurde wol claimd. Lange tiid gold de kanonsskotrigel as begrinzing fan de territoriale wetteren. Dit kaam yn de praktyk del op trije seemylen. Nei de Twadde Wrâldkriich claimden guon lannen zones oant wol 200 myl út de kust. Dêr kaam yn de jierren 80 mei it nije seerjochtferdrag fan de Ferienige Naasjes in ein oan. It waard doe't fêststeld op 12 seemyl rekkene fanôf de wetterline. Prachtige yllustraasjes keppele oan nijsgjirrige ferhalen meitsjen dit boek tige de muoite wurdich.</p>		
Datum	2.	20-01-18
Sprekker	Jacob Roep	
Titel fan de lêzing	Tsjerkeramen Hollum	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	15	
<p>Gearfetting (maksimaal 15 regels) Jacob Roep is studint skiednis en maatskippijlear oan de lerarenopleiding yn Ljouwert. As entûsjast histoarikus is hy oprjochter en behearder fan de webside amelandershistorie.nl Hy wennet en is berne en tein op Amelân. De famylje Roep hat in soad seefarrenden yn de famylje mar Jacob syn heit en pake hawwe keazen foar in boerenbestean. Amelân wie fan 1425 oant 1798 in frije hearlikheid. Amelân wie yn dy perioade in selsstannich staatsje mei in eigen flagge. Yn 1569 waard it ynterieur fan de tsjerke yn Hollum troch wettergeuzen fernield. Pas 100 jier letter waard de tsjerke ûnder lieding fan dunny Schellinger makke. Yn de tsjerke fan Hollum kamen 36 ramen mei helmtekens fan de minsken dy it eilân tegearre mei de frije lienhear bestjoerden. Op Amelân wiene trije doarpen Hollum, Ballum en Nes en elk doarp keas tolve bestjoerders. In soad fan dizze bestjoerders hiene op see faren. Op de ramen fan Amelân binne dan ek in soad skipkes te sjen. Warskynlik gie it om kofschippen en wadfearders. Dêrnjonken is der in troffel te sjen (wierskynlik fan in mitseler, in hynder ((eigen Amelander hynsteras) in in moorkopke. Fan de 36 ramen binne fyftjin ramen troch de Frânsken fernield om 1801. Letter yn de njoggentjinde ieu hat de tsjerke de ramen ferkocht. Pas yn 1975 kamen de ramen op in feiling yn Parys wer oan it ljocht wêrby acht fan de ramen waarden feild. Underwilens binne seis fan dizze ramen yn it besit fan it skipfeartmuseum yn Amsterdam. De oare oerbleaun ramen binne yn partikulier besit. De nammen fan de alve bestjoerders fan Hollum binne identifisearre, it gie om: Cornelis Jansen Duijn; Jan Jansen; Foppe Hayes; Eelcke Pipers Saakma; Jan Sipkes; Dirck Jansen; Jan Hendriks Furing; Heere Minnes Schol; ... Jacobs; Hendrick Jacobs en Remke Galies (Gaatjes). Fan Nes giet it om Freark Reyners (lijfchirurgijn); Tseard Sypts; Theunis Tiemens; Anne Wiarda; Douwe Liuwes; Beern Henricx en Reijner Gerlofs en fan Ballum om Claas Doense (armvoogd Hollum) en Gerben Roep (metselaar). Mocht jo ynformaasje hawwe oer dizze persoanen of de branskilderde ramen dan graach kontakt opnimme mei info@amelandershistorie.nl</p>		
Datum	3	20-10-18
Sprekker	Joop de Jong	
Titel fan de lêzing	Hidde Dirks Kat	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	12	
<p>Gearfetting: Joop de Jong is direkteur fan de Amelander Musea. Dit binne ûnder oaren in natuermuseum, in lânbou en juttersmuseum, in kultuerhistorysk museum, in maritym museum in bunkermuseum en in mûne en fjoertoermuseum. Dit jier is it 200 jier lyn dat it deiboek fan de walfiskkommandeur Hidde Dirks Kat útjûn is. Yn it ramt fan de Kulturele Haadstêd is derfoar keazen om 2018 it Hidde Dirks Katjier te meitsjen. Op Amelân wiene yn de perioade tusken 1750 en 1800 121 walfiskkommandeurs. Troch oerbefiskjen rekke de see om Groenland lykwols hieltyd fierder leech. Dêrom moast der ticht tsjin it iis oan fiske wurde. Op de reis dy Hidde Dirks Kat makke yn de jierren 1777 en 1778 late dit oant in grutte ramp wêrby mear as 300 walfiskfarders omkwamen. De</p>		

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

<p>skippen fan Hidde Dirks Kat en oaren waarden troch it iis beknypt en fermoarzeld. Kat komt mei 78 minsken op in ysskots terjochte. Ta beslút wit hy mei 17 minsken yn sloepen Statenhoek te berikken. Hja libben fan beien en mokselen. Dêr moetsje sy de inuit (eskimo's). Sy meie útrêste yn har delsetting. De winter bringe sy troch yn de Deenske koloanje Julianahoop by de Hernhutters. Fia Denemarken en Dútslân wit hy yn de simmer fan 1778 Amelân wer te berikken. Om de werútjefte fan it boek fan Dirks Hiddes Kat binne yn Amelân it hiele jier 2018 aktiviteiten west. Dizze bestiene út fjouwer tentoanstellingen, in opera, lêzingen, film, fertellingen, in muzykspektakel en in teaterfoarstelling.</p>		
Symposia		
Opkomst (tal leden en oare gasten)	1 2	68
Titel	Symposium seefeartunderwiis Harns	
Doelstelling	Befoarderjen fan de studzje nei – en de belangstelling foar de skiednis it seefeartunderwiis. Reklame foar de wurkgroep.	
Sprekkers en titel bydrage	Prof. Karel Davids, Diederick Wildeman, Nicolas de Hilster, Arjen Dijkstra, Henny Krul, Jur Leinenga.	
Gearfetting (maksimaal ½ A4)		
<p>Op sneon 26 maaie fûn yn Harns it jierlikse symposium fan de Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy plak. It symposium, dit jier organisearre yn gearwurking mei 'de vereniging voor zeegechiedenis', stie dit jier yn it ramt fan it 200 jierig bestean fan de seefeartskoalle yn Harns. As ûnderwerp wie dêrom foar de skiednis fan it seefeartunderwiis yn Nederlan keazen. Direkteur Arjen Mintjes wie bliid dat der oandacht oan dit ûnderwerp bestege waard en joech oan dat de Maritime Akademy nei 200 jier in in bruzend maritym kennisintrum is wêr studinten fanôf 12 jier opliede wurde om in berop yn de binnen- of seefeart út te oefenje mar wêr ek grutte groepen folwoeksenen út binnen en bûtenlân in (nei) oplieding folgje. Prof. Karel Davids sketste hjir op folgjend in algemien oersjoch fan de skiednis fan it seefeartunderwiis. Hy makke hjir in ûnderskied tusken fiif ferskillende perioades. De perioade fan 1600 oant 1750 kinmerkte him as in perioade fan de opkomst fan de oandacht foar de teoretyske stjoermanskunst foar de feart om Europa en de oseaanfeart. It gie yn it algemien om partikuliere learmasters. Fanôf 1750 kaam de klam mear te lizzen op allround ynstellingen (seemanskolleges) wêrby de klam lei op kennis, foarmje en kweken. Hjir waarden benammen kadetten en kwekelingen oplieden om tsjinst dwaan te kinnen yn de oarlochsfloat of foar de VOC. In KB fan 1823 bepaalde de oanstelling fan ryksleraren yn de seefeartkunde yn Amsterdam, Rotterdam, Antwerpen en Oostende. Dit mislearre om't de koordinaasje en it tasjoch ûntbriek en der boppedat genôch aanbod wie fan partikuliere of troch lokale oerheden oprjochte skoallen. Mei troch de opkomst fan de stoomskippen fanôf 1870 en de dêrmei gearhingjende mannichfaldige kreative plakbepaling begûnnen de seefeartskoallen tusken 1870 en 1914 oan in opmars. Yn 1907 bepaalde de skipperswet dat op in keapfardijskip allinne gebrûk makke wurde mocht fan diplomearde stjoerders en masinisten. Fanôf 1921 regele de wet op it nijverheidsunderwiis middelbere skoallen foar de seefeart it fiskerijbedriuw en de binnenskipfeart. Diederick Wildeman fertelde oer de skatkeamer der stjoerders. Fan ferskillende seelju binne de oantekeningen (skatkeamers) bewarre bleaun. Dit binne hanliedingen en oefenboeken foar de navigaasje fan it skip. Sy basearen harren dêrby op learboeken oer de navigaasje. In wichtich boek foar seelju yn de achtjinde ieu wie 'de schat-kamer ofte konst der stuurlieden' fan Klaas de Vries út 1702. Dit boek joech in goede útlis fan de trije wichtichste navigaasjeinstruminten yn dizze perioade. Nammentlik 'de Jacobsstaf', de 'Davis quadrant' en 'de spiegelboog'. In oar boek dat in soad brukt waard is 'De vier boeken fan 't vergulde licht der Zeevaart of de konst der Stuurlieden' fan Claas Hendriks Giettermaker út 1660. Nicolas de Hilster fertelde oer de ûntjouwing fan ferskillende navigaasjeinstruminten. Lange tiid waarden yn de skipfeart net altyd efkes sekuere navigaasjeinstruminten brûkt. Seker wêr dit de feststelling fan de</p>		

lingtegraad oanbelanget. Dit late oant ien fan de slimste rampen fan dy tiid, it ferlies fan fjouwer oarlochsskippen fan Sir Cloudesley Shovel yn 1707. By dizze ramp kamen likernôch 1550 Britske seelju om. Pas mei de utfining fan de octant (1731), de chronometer (rin achtjinde ieu) en de sextant (1767) waard it mooglik it plak op see presis fêst te stellen. Arjen Dijkstra begjint syn ferhaal mei it skilderij de Astronoom fan Vermeer. Op dit skilderij binne in oantal navigaasjeinstruminten te ûntdekke. Sa lêst de persoan op it skilderij in boek fan Adriaan Metius. Metius wie wiskundige en wiskunde wask benammen nijsgjirrich foar beropsgroepen as lanmjitters, wynroeiers en navigatoren. Metius hie soad belangstelling foar navigaasje en en joech op de universiteit yn Frjentsjer kolleezjes seefeartkunde. Dêrnjonken is op it skilderij dúdlik in scheepsastrolabium te werkenne. Sa'n astrolabium waard brûkt om de breedtegraad op see út te rekkenjen. Henny Krul joech dêrnei ien ynsjoch yn it hedendaags hegere seefeartkundig ûnderwiis. Wêr earder de oplieding yn twaën wie splitst tusken of stjoerman of skipstechnyk is dat no in oplieding oant maritym offisier. De studinten wurde dêryn oplieden yn alle funksjes dy't him op in skip foardogge kinne. De klam leit dêrby benammen op it nautyske aspekt om't it technyske diel mear en mear oernommen wurdt troch de fabrikanten. It giet om in brede oplieding wêrby de rederij de studinten eventueel sels fierder oplied. Oant slot fertelde Jurjen Leinenga oer it ûntstean en de ûntjouwing fan de seefeartschool yn Harns. Nei de fal fan Napoleon krabbele de Nederlânske ekonomy stadich op út in djip dal. Yn Harns waard yn 1818 troch de Maatskippij oant Nut fan it Algemen it ynisjatyf nommen oant de oprjochting fan in seefeartskoalle dy stjoerlju moast oplieden. Fan dizze oplieding moat men him noch gjin al te grutte foarstelling meitsje. It ûnderwiis waard yn de wintermoannen by de direkteur oan hûs jûn. It begjien fan dizze skoalle wie dus lyts, mar it wie dochs it begjin fan in perioade fan twa ieuwen seefeartunderwiis yn Harns. Yn dy twa ieuwen hat de oplieding hichtepunten en djiptepunten han en der bytiden hiel oars utsjoen. Soms wie it oantal learlingen gefaarlik leech en soms like de ein fan 'e skoalle tichteby, mar hieltyd is seefeartunderwiis yn Harns bleaun.

Publikaasjes (ynklusyf boek-presintaasjes)

Datum	1.	02-02-18
Namme tiidskrift of útjouwerij		Walburg Pers
Auteur		Jan de Vries
Titel fan de publikaasje		Verzwegen zeeheld Jacob Benckes en zijn wereld
Tal siden		383
Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje		
https://www.walburgpers.nl/winkel/geschiedenis/verzwegen/		
Datum	2.	01-09-18
Namme tiidskrift of útjouwerij		Spiegel der Zeevaart
Auteur		Peter Tolsma
Titel fan de publikaasje		Hout-Vaert 2018 met een houtvlot door Friesland
Tal siden		5
Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje		
https://www.ssrp.nl/ervaren/evenementen-verslagen/hout-vaert-2018-met-een-houtvlot-door-friesland/spiegel-der-zeilvaart-september-2018-nummer-7---hout-vaert-2018-met-een-houtvlot-door-friesland		
Datum	3.	01-05-18
Namme tiidskrift of útjouwerij		Walburg Pers
Auteur		Jurjen Leinenga
Titel fan de publikaasje		Leren navigeren : 200 jaar zeevaartonderwijs in Harlingen.
Tal siden		176
Koarte omskriuwing thematyk doel publikaasje		
http://www.ako.nl/product/9789462492950/leren-navigeren-jurjen-leinenga/		
Eksjurzjes		
Datum	1.	20-10-18

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

Reisdoel	Hannemahus Harns	
Gids gastsprekker	Hugo ter Avest	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	12	
Koart ferslach		
<p>Hugo ter Avest direkteur fan it Hannemahuis jout in koarte yntroduksje op museum it Hannemahuis. It Hannemahuis is in gebou út de sechstjinde ieu. Fanôf 1744 is it yn besit fan de famylje Hannema dy't der in jeneverstokerij yn begjint. Al fluch wurdt dit ek útwreide mei in saltsiederij. Leendert Jacobus Hannema is de lêste telg út it Harnzer keapmansgeslacht dat it hûs bewenne. Yn 1957 rjochte hy in diel yn as museum. Hy skonk it hûs oan de gemeente Harns dy't der yn 1964 in museum stifte. De kolleksje bestiet út skilderijen en foarwerpen oer de skiednis en keunskiednis fan Harns lykas ierdewurk, maritime foarwerpen, skilderijen, silverwurk, dokuminten en meubelen. Op dit momint is der in tentoanstelling oer de lege lannen en dan spesjaal oer lânskippen. Dizze tentoanstelling is opset yn gearwurking mei it Ryksmuseum yn Amsterdam. Der binne wurken te sjen fan bekende skilders as Jacob fan Ruisdael, Isaac fan Ostade en fan keunstners fan resinter datum, lykas Jozef Israëls, de broers Jacob en Willem Maris en Willem Roelofs. Dizze wurken joue in prachtich oersjoch fan de utienrinnende lânskippen dy Nederlân ea ryk wie.</p>		
Datum	2.	19 – 22 july 2018
Reisdoel	Hout – Vaert Dokkum, Ljouwert, Grou, Snits, Driels.	
Gids gastsprekker	Rob Leemans, Peter Tolsma	
Opkomst (tal leden en oare gasten)		
Koart ferslach		
<p>De Houtvaert mei organisearre troch de Wurkgroep is suksesfol ferrûn. Fan tongersdei 19 oant en mei 22 july 2018 fier in bysûndere float fan 50 histoaryske (fracht) skippen troch Fryslân. De skippen begelieden in spesjaal makke houtflot fan 18.50×5.50m). It houten flot is op moandei en tiisdei 16 july en 17 yn Dokkum op lokaasje ‘Aan de Ee’ boud. It makke de fjouerdaagse reis mei help fan de histoaryske sleepboot ‘Djati’ (1905) en de opriuwer ‘Alderferskuorrendst’ (1939). De float fier fanôf Dokkum fia Burdaard nei Ljouwert. Yn Burdaard servearre supermerk ‘Oan de Ie’ kofje mei cake. It Ruurd Wiersma museum waard spesjaal iepene fanôf 10.00 oere. Fanôf Ljouwert fier de float fia de steande mast-route lâns Wergea nei Grou. Oant slot feart de float fia Snits nei houtseachmune ‘de Rat’ yn Drylts wêr't it hout ferwurke wurdt. De Blazer TX33 út Makkum wie yn 2018 100 jier âld en fungearre as flaggekip fan Hout-Vaert 2018. It aktive publyksevenemint ferbun de rike histoarje fan de Fryske houtfeart mei it perspektyf fan hout as ideaal duorsum materiaal foar de nije, sirkulere ekonomy. Hout-vaert makke as Iepen Mienskipproject diel út fan Leeuwarden-Fryslân kulturele Haadstêd fan Europa 2018.</p> <p>Der die in moaie mengeling oan skippen oan mei, de gearwurking tusken de ferskillende dielnimmende organisaasjes rûn goed en der wie in farieerd programma en soad belangstelling en alles is binnen budzjet bleaun.</p> <p>Sjoch fjirder ek noch: https://www.hout-vaert.nl/</p>		
Datum	3.	
Reisdoel		
Gids gastsprekker		
Opkomst (tal leden en oare gasten)		
Koart ferslach		

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

Oare aktiviteiten (bygelyks útfieringen musikologysk wurkferbân)		
	1.	
	2.	
	3.	

FINÂNSJES

Totaal útjeften yn 2018	€	
<u>Spesifikaasje útjeften:</u>		
- Bestjoerssaken	€	
- Gearkomsten	€	
- Lêzingen	€	
- Sympoasia	€	
- Publikaasjes	€	
- Ekskurzjes	€	
- Oare saken	€	

BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN
